

# 'Wilhelmina is mear as poche en blaze...'

**DE HONMERTS-** As jonkje fân er it korps Wilhelmina fan Easterein al geweldich. As der in konkoers wie, op it Dobbelan, achter de Tsjerne, op it sportterrein, dan wie it feest. As it korps troch de buorren gie, dan wie it feest. As it korps op de tinte spile, op simmersneontejunen, dan wie it feest. Dan mocht er opbluwe en dêrhinne. Dan krige er in ijsko. Dêr hearde er boartsjendewei nei de muzyk, in mars, in koraal, in ûvertuere... Troch it bestjoer fan Wilhelmina waard oan dat 'jonkje' fan doe frege om de 100 jierige skiednis fan 'it korps' yn boekfoarm fêst te lizzen. Hy naam it helkerwei oan, as tankbewiis. Syn namme: Marten L. de Boer.



De boattocht dy't Wilhelmina makke yn juni 1985.

En om noch eefkes y't 'e feeststimming te bliuwen, ik ha de kronyk oer Wilhelmina mei in soad nocht lêzen. En besjoen! Want, en sa heart it neffens my ek yn in jubileumboek, der steane in soad foto's en oare yllustraasjes yn it troch Van der Eems printe wurk.

Net it suver lyrise foarwurld, jout De Boer ferantwurdling fan syn wize fan wurkjen. "Der is by it gearstalten fan dit boek in kronologyske trined oanhâlden. Dêr troch hinne binne ferskate tematiken frissele, dy't mei it Eastereinder korps te krijen ha. In soad litte wy de leden en âld-leden fan Wilhelmina sels oan it wurd. De skriuwers fan earstiids en letter, fan doe en no. Mar ek oaren dy't belutsen wiene by it hâl-

den en dragen fan it korps. Hja dogge ferslach fan it wol en wee fan 'Wilhelmina'. Sa komme de measte ferhalen ta ús út de earste hân."

Dat De Boer fan 'wy' skriuwt komt net allinne sympatyk oer, sa'n hûdfoel wurk is allinne mooglik mei help fan oaren, mar ek korrekt. Omme's âld-lid Jan Hiemstra hat ek in bijdrage levere oan it boek. Hy skreau in haadstik oer de ûntjouwings op it mêd fan de ynstruminten en joech ek in oersjoch fan de konkoersen dêr't Wilhelmina oan mei die. Boppedat wist Hiemstra oer ferskate diriginten fan Wilhelmina hiel wat te fertellen.

Sjoen de achtergrûn fan de auteur.

19de ieu ryp foar om ferieningslykas 'it korps Wilhelmina' op te rjochtsjen. Op meimimmende wize, sa binne út elk tiidrek kostlike anekdoaten opnommen, nimt kroonikeur De Boer de lêzer mei op syn histoarise omgong troch it Eastereinder muzyklân. Dat De Boer net oer ien nacht iis gien is, falt oan alles ôf te lêzen.

Hy hat alle beskikbere notuleboekken rieplachte, sterker noch hy lit de skriuwers en notulisten fan Wilhelmina sels oan it wurd, troch rymsk te sitearjen. It ferheget de autentisiteit! Sa kinne wy lêze dat Kornelis Nettinga (1869-1949), in skoalmaster út Easterein, net allinne ynisyatynimmer foar it oprjochtsjen fan Wilhelmina west hat, mar dat er yn 'e Statuten oan tsjuten waard as 'president-direkteur'. De Boer relativearret dy wichtige titel op histoarise grûnen: "It moast wat lykje, sa wie de geast fan dy tiid."

It boek oer 'eeuwling' Wilhelmina is ek in human interesting story. Der komme in ôfgrypslik soad nammen yn foar fan minsken dy't wat foar it korps betsjutten ha en noch betsjutte. It is dan ek yn it foarste plak in boek foar Eastereinders en âld-ynwenners fan it Littensevadielster doarp. Yn ús doarp skrieder De Boer mear as ientris. Oan 'e oare kant binne der wol safolle 'universele' saken dy't yn it (histoarys) ferhaal oer Wilhelmina nei foaren ta komme, dat in bûtensteander ek

syn nijget oan it boek belibje kin. Sa is dêr in aardige anekdoate oer Tsjalling Ypma foarsitter yn 'e fyftiger jierren. Ypma slút de gearkomste mei dankgebed en hy hie dêr sa syn fêste formulearingen foar. "Steeffest kaam dêr yn foar: 'Wilt Gij onze zonden in de zee der eeuwige vergeetheid werpen.' Der wie in ploechje mannen dy't faak foar de tankbea mompelen: 'No, dêr is it al wer sa fier, earst noch even de zonden yn de see werpe en dan mar wer by mem achter it breiden broekje!'

Alle hichte- en djiptepunten fan Wilhelmina wurde ien foar ien beskriuwen. Der wurdt stilstien by eardere jubileums fan it korps. Tal fan aktiviteiten dêr't de Eastereinder muzikanten oan meidien hawwe wurde beskreaun: Fan 'e Persilammervkesaksje oant en mei de dielname oan it Wrâld Muzyk Konkours yn Kerkrade oant ta.

Ta beslút noch in opmerking oer de talrike foto's dy't yn it boek opnommen binne. De lykjes binne hierskerp ôfprinte en jouwe ek in treflik byld oer 'Wilhelmina' dat mear is as in groep poachers en blazers: It korps joech en jout in stik fleur oan it libben en net allinne yn Easterein!

**Henk van der Veer**  
Hjir besprutsen 'Wilhelmina' 1898-1998, troch Marten L. de Boer. Drukkerij van der Eems B.V. Basterein. 176 siden. Priis: f.35,-